

Oerprintsels út

WURDFOARRIED en WURDGRAMMATIKA

in bondel leksikale stúdzjes


besoarge troch

Siebren Dyk
en
Germen de Haan

"Oer it foarhearsel nithe- (ewitthoe-)
en syn syntaktysk bouw"

ff. 21-44

Fryske Akademy, Ljouwert 1988



Oer it foarheaksel *witte-* (*withoe-*) en syn syntaktysk komôf*

Siebre Dyk

Summary

In this paper it is argued that Modern West Frisian witte- (also pronounced and written as withoe-) is a prefix with rather peculiar properties. One of these concerns the restrictions on its adjectival base, about which some generalizations are formulated in section 2. With the help of the corpus of the Dictionary of the Frisian Language the prefix can be traced back to a small sentence wa wit hoe (+ adj.) ('who knows how'), which shows up as late as the 19th century. This leads us to the wh-word hoe: in section 4 the restrictions on the base are shown to be in agreement with the semantics of hoe-questions. Section 5 is the heart of the paper. It is argued there that the wa wit hoe (+ adj.)-sentence is a parenthesized exclamation. That discovery serves as a starting point for a (historical) explanation of the other peculiar properties of witte-. Section 6 is a retrospective of the diachronic development of the prefix. The concept of lexicalization is invoked there to explain away the last obstacles.

1. In earste yn 'e kunde kommen

Besjoch de neifolgende wurden:

- (1) a. wittegrut b. wittefaak c. wittefolle
 witteheech
 wittelang
 wittedjip
 witefier
 wittelûd
 wittedjoer
 witteryk
 wittelet
 witeier

útsûndering fan *wittefolle* komme se yn it ûndersochte materiaal allinnich mar yn predikatyf gebrûk foar. Fan *wittefaak* is dat noch yn te tinken, it basiswurd *faak* hâldt en draacht him op likense wize, mar de basiswurden fan skift (1a) dogge wol as gewoane adjektiven. Dochs liket it net foarkommen yn it materiaal fan attributive posysjes net tafallich; de b-sinnen fan (3) en (4) komme my yndied frjemd oan.

- (3) a. De keeper skopte de bal wittefier fuort.
b. ?De wittefiere ballen gongen oer de midfoar hinne.
- (4) a. Dy beam is witteheech.
b. ?Dy wittehege beam sil omkapt wurde.

Wy hawwe al yntuïtyf oannaam dat de betsjutting fan 'e *witte*-formaasjes sokssawat is as 'in (tige) hege graad fan it basiswurd'. Standerttesten, bygelyks dy út Klooster, Verkuyl & Luif (1969,85) wize yndied út dat *witte*- in graadoantsjuttend elemint is. Se binne basearre op it prinsipe dat in graadoantsjutter net mei in oare graadoantsjutter kombinearre wurde kin. Sa litte de *witte*-ôfliedings gjin komparaasje ta (**witteheger*, **witteheechst*) en smyt it opnimmen yn in graadoantsjuttende konstruksje (5) in ûnakseptabele sin op:

- (5) *Wat wiene se witteheech!

It prinsipe sil der ek de oarsaak fan wêze dat *witte*-ôfliedings net op 'en nij prefigearre wurde kinne mei graadoantsjuttende foarheaksels as *hyper*- en *super*-: **hyperwittegrut*, **superwitteheech*. Ek modifisearring mei adverbialen fan graad is ûnmooglik: **tige witteheech*.

Apart is noch wol dat de graad dy't *witte*- oantsjut in tige hegenien wêze moat. Sa wurdt troch ynformanten algemien oanjûn dat de bal yn (6b) fierder komt as yn (6a):

- (6) a. De keeper skopte de bal tige fier fuort.
b. De keeper skopte de bal wittefier fuort.

Guon lju murken by dy foarbyldsinnen fierder op dat it har talike dat de sprekker him by (6b) mear by it ûnderwerp betrutsen fielde, dat er der emosjoneler foar oer stie.

2. Beheinings op 'e basis

Lykas al sein binne it rûfeltsje wurden fan (1) alle *witte*-ôfliedings dy't ik yn it WFT-materiaal fine kind haw. Wat opfalt is dat de kategory fan it basiswurd net gelyk is. Dy ûnder (1a) binne adjektiven, *faak* fan (1b) is in adverbium en

folle (1c) in telwurd. De adjektiven fan (1a) kinne ek as adverbium brûkt wurde, mar oan sin (4a) ha we sjoen dat dat net essinsjeel is foar *witte*-formaasjes. Predikativens, dêr liket it om te gean.

At dyen ûnder (1) alle wurden binne dy't fûn binne, dan liket dat net fuortendaliks in swide mannichte. Der binne bygelyks risten oare adjektiven dy't graduearre wurde kinne, wêrom steane dy dêr dan net by? Guont sille de ferklearring sykje wolle yn 'e frekwinsje, de wurden fan (1) binne ommers allegearre heechfrekwint. Allegearre moai en aardich, mar bygelyks *moai* en *aardich* binne ek tige frekwint, en dy ûntbrekke yn it rychje, wylst se dochs wol gaadoantsjutters by har ha kinne: *hartstikke moai*, *superaardich*. Dat it liket de muoite wurdich en sykje de ferklearring oars earne.

In oanknooppunt kin fûn wurde yn 'e semantyk fan adjektiven. Klooster (1976) (yn Klooster (1971) stiet rûchwei itselde) ferpartet de graduearbere adjektiven yn subjektive en objektive. De earsten kinne yn 'e komparatyf-foarm foarkomme yn it sintsje *ik achtsje x . . . as y*.

- (7) a. Ik achtsje Sjoukje moaier as Boukje.
b. *Ik achtsje Sjoukje langer as Boukje.

Objektive adjektiven ferwize nei eigenskippen dy't te mjitten binne, dy't yn mjitienheden útdrukt wurde kinne. Klooster hat it dêrom ek wol oer parameteradjektiven: *lang* is in parameteradjektyf omdat lingte metten wurde kin, *moai* is net ien want skientme kin net objektyf metten wurde, kin net yn mjitienheden útdrukt wurde.³

Sa't it no liket falle alle wurden dêr't *witte*- yn (1) mei kombinearre is, ûnder de objektive adjektiven (at we foar it gemak der even fan útgeane dat *faak* en *folle* ek adjektiven binne).⁴ It proefke mei *ik achtsje* giet hieltyd op, en alle adjektiven ferwize nei in objektyf te mjitten parameter dy't mei ienheden as meter (ek kante of kubike), desibel, gûne of oere spesifisearre wurde kinne. Mei *faak* en *folle* leit it mei sa'n ienheid wat lestiger, likegoed is yn prinsipe troch tellen it tal gefallen of kearen objektyf fêst te stellen en fêst te lizzen. Dêrfoaroer is in adjektyf as bygelyks *bliid* typysk subjektyf.⁵

Troch de beheining fan 'e basis ta objektive adjektiven wurdt ek it gegeven dat it tal wurden ûnder (1) mar lyts is, dúdliker. Dochs hie dat oantal mei inkeld dizze beheining grutter wêze moatten. Wat nammentlik opfalt, is, dat, mei útsûndering fan *ier*, allinnich adjektiven mei in hege wearde fertsjintwurdige binne. Harren antonimen ûntbrekke, en dat is grif net hielendal tafallich, alteast formaasjes as **wittelyts*, **wittekooart*, **wittieleech*, **witteskol*, **wittehein*, **wittesacht*, **wittegoedkeap*, **witteearm*, **witteseldsum* en **withoe'nlibytsje* hearre my nuver yn 'e earen.

Ek foar dat probleem kin de semantyk fan adjektiven útkomst jaan. Nim as foarbyld de parameter 'lingte'. Dy kin útset wurde op in skaal dy't begjint flakby nul. De legere wearde op 'e skaal kinne oantsjut wurde mei it adjektyf

koart, de hegere mei *lang*. No kinne de hegewarderoantsjutters fan 'e objektive adjektiven wat dat har legewardewjergaders noait kinne. Yn beskate konteksten hawwe se nammentlik de mooglikheid om de hiele skaal te bestriken, en sa kin *lang* dan brûkt wurde by wearden dy't normaalwei mei 'koart' betitele wurde. Soks kin it gefal wêze at it adjektyf anneks is mei in mjittekonstituïnt, of mei útdrukkings as *dûbeld sa* of *heal sa*. Fan in lyts persoan fan ien meter fjirtich kin dus seïn wurde dat er *1,40 m. lang* is, wylst gjinien it yn 'e plasse krijt en neam sa'nien 'lang'. Fierders is it sa dat it antonym yn dy konteksten net brûkt wurde kin:

- (8) a. Dy stôk is 50 sm lang.
b. *Dy stôk is 50 sm koart.
- (9) a. Stôk A is dûbeld sa lang as stôk B.
b. *Stôk A is dûbeld sa koart as stôk B.
- (10) a. Stôk A is heal sa lang as stôk B.
b. *Stôk A is heal sa koart as stôk B.

Under hiel spesjale omstannichheden soene de b-sinnen faaks utere wurde kinne, mar der sit dan troch de petearkontekst al in hiel sterke foarûnderstelling by dat de stôk yn kwestje yndied as koart oanmurken wurde moat. Troch wat ik mar neame sil it prinsipe fan Bierwisch kin de ûngewoanens fan sokke sinnen fêststeld wurde:

- (11) 'A sentence is the less normal the more conditions outside of it have to be met for it to be acceptable' (Bierwisch 1967,9)

It bestriken fan 'e hiele skaal troch ien fan 'e antonimen wurdt it genearyske of ûnmarkearre gebrûk dêrfan neamd (Givón 1970,822; Ljung 1974,74). Rusiecki (1985,13) brûkt dy lêste term ek, en Bierwisch (1967,9) hat it oer it 'oriïntearre' wêzen fan it adjektyf. It ferskynsel liket allinnich foar te kommen by objektive adjektiven. 'Voorzover ik heb kunnen vaststellen zijn er geen georiënteerde subjektive adjektiven', seit Klooster (1976,233).

We kinne no ta in foech generalisaasje komme. *Witte-* nimt adjektiven dy't gradearber en objektyf binne. Fan dat skift wurde lykwols allinnich dy adjektiven selektearre dy't ûnmarkearre of oriïntearre foarkomme kinne. Dy beheining makket ek fuortendaliks dúdlik wêrom oft it tal wurden mei *witte-* sa lyts is. Likegoed lykje der noch wol wat (tafallige) gatten yn it troch my brûkte korpus te sitten. Sa foarseit de generalisaasje dat ek adjektiven as *âld*⁶, *hurd* of *swier* mei *witte-* te prefigearjen wêze moatte. Foar myn gefoel binne de folgjende sinnen yndied akseptabel:

- (12) Us pake wie al witteâld ear't er in bril brûkte.
- (13) Yn Nederlân kinne jo wittehurd ride sûnder op 'e bon te kommen.

(14) Nettsjinsteande har sherrydieet is ús buorfrou witteswier.

3. *It komôf fan witte-*

Sa't it no liket is ús foarheaksel in frijwat hippepoppelich gefal. Oan it basiswurd wurde tige stringinte beheinings oplein, foaral nuver omdat de funksje fan it foarheaksel, it oanjaan fan in hege graad, dochs in hiel algemienienien is. En dan dy sa 't liket eigenaardige eask dat de *witte*-formaasjes allinnich predikatyf brûkt wurde meie.

De betizing kin lykwols altyd noch grutter. Yn it al earder neamde Zantema (1984) kinne jo op s. 1198 de neifolgjende wurden tsjinkomme:

- (15) **'witwat**, adv. [vɪdvot]. (Heel) veel. *Hy hat witwat út 'e wei set.*
'witwêr, adv. [vɪdvɛ:r]. Ook *witwêrearne, witwêrsa, witwêrsanne*. Verspreid, overal heen. *De modderkluten stowe witwêr. Witwêr wei, overal vandaan.*

Wat is dit? Noch in oar prefiks yn it Frysk, dat diskear mei fraachwurden adverbia foarmet? Of hat it dochs wat mei it earder behannele foarheaksel *witte*-te krijen, ommers de funksje skynt ek hjirre yntinsifearjend te wêzen? Mar oan 'e oare kant, de basiswurden, adjektiven en freegjende foarnamwurden, lizze nochal útelkoar. En at it itselde foarheaksel wêze soe, lit ús sizze *witte-*, hoe komt it dan dat ynienen dy schwa delearre wurdt? It mienskiplike fan 'e basiswurden fan (15) is dat it fraachwurden binne en dat se mei in /v/ begjinne. Mar in schwa-deleesjeregel soe ûnder dy betingsten neffens my folslein ûnnatuerlik en unyk wêze.

Dan dochs hjir in gearsetting mei it tiidwurd *witte* miskien? Wat de foarm oangiet soe it kinne, *wit-* soe men as stam fan it tiidwurd opfetsje kinne, en gearsettings mei tiidwurdstammen as earste lid (bygelyks *fleanfjild*) komme foar. Mar fierders pleitet ek alles tsjin dy oplossing: gearsettings mei in freegjend foarnamwurd as twadde lid hat it Frysk net, en boppedat is ek hjirre folslein ûndúdlik wat de betsjuttingsbydrage fan in tiidwurd as *witte* oan 'e ûnder (15) neamde gefallen wêze moatte soe.

Wy sitte no op in nuver punt. Fansels, de eigenskippen fan 'e eleminten *witte-* en *wit-* lykje wol frij dúdlik, en binne mei it wenstige taalkundige ynstrumintarium ek wol aardich te beskriuwen. Mar de eigenskippen sels lykje hieltyd riedselachtiger te wurden. Dat it der sa hinne leit sil elts wol oannimme wolle. Mar wêrom leit it der sa hinne? Is dat poer tafallich, of sit der dochs wat achter?

Miskien moatte we dêrfoar de farianten fan *witte-* dochs ris wat better besjen. We binne *withoe-* al tsjinkaam, op himsels ek in kombinaasje fan *wit* en in fraachwurd. Mar der sit mear fariaasje yn 'e útspraak, en dy kin ús ek fier-

der helpe. Earder waard de mooglikheid dat wy te krijen hawwe soene mei in gearsetting mei it tiidwurd *witte* fjouwerkant ôfwjisd. Dochs liket dat tiidwurd anneks te wêzen mei ús foarheaksel. Yn paragraaf 1 waard opmurken dat de útspraakfarianten [vItə] en [vitə] foarkomme. At jo minsken der sa ris op neifreegje docht bliken dat dyjingen dy't in [I] ha foar it foarheaksel dy oer it ginneraal ek brûke foar it tiidwurd. Foar taalbrûkers mei de [i] jildt itselde. Neffens Hof (1933, 50, kaartsje op s.52) rint de isoglosse fan 'e tiidwurdfarianten fan Ferwâlde ôf yn noardeastlike rjochting oant Dokkumer Nije Silen ta. Boppe dy line hearsket de [I], derûnder slacht de [i] foar master op. Namers, ek yn Hylpen is der in lûdoerienkomst tusken it tiidwurd *wette* en *wetho* (Blom 1981).

Op dit pas is it faaks gaadlik om de iennichste literatuer dy't ik oer it foarheaksel fine kind ha, derby te heljen. Yn it *Friesch Woordenboek* (1900-1911) stiet ûnder it lemma *wite, witte* ferskûle: 'Wit (wie weet) hoheech, holang, horyk, enz., voor zeer hoog, lang, rijk, enz.'. En Sytstra & Hof (1925,272) lykje op wat soartgelikens te wizen: 'In *wit ho heech, wit hofolle*, enz. is *hwa* voor het woord weggefallen'. Sa't it skynt bestie der dus earder foar *witte-* in folle foarm *wa wit hoe*. Dat *hoe* binne we saniis al tsjinkaam. Mar in foarm mei ek noch *wa* deryn is my alteast yn it hjoeddeiske Frysk folslein ûnbekend.⁷

Ik wit fansels net yn hoefier oft Sytstra & Hof it *Friesch Woordenboek* neiskreaun ha, mar yn alle gefallen de meidieling fan it wurdboek liket frij betrouber. Ommers, gearstaller Waling Dykstra brûkt yn syn literêre wurk dy folle foarm ek wol, en by syn maat Tsjibbe Gearts is er ek te finen:

- (16) Mar einlings pakte er hjar yn 't hier/ En slingre 't beest hwa wit ho fier.
(W. Dykstra: *Forslingere bern*. Ljouwert (1896), s.34)
- (17) Wy miene det ús o! hwa wit ho folle ontbrekt, en sia der: wy misse da
greatste scat fen 't libben da tofredenheid. (T.G. v.d. Meulen: *Twa dagen hear, of in frolike reis nei Drinthe*. Birgum (1853), s. 23)

De twadde oanhelling is, sa't letter bliken dwaan sil, ek noch om in oare reden tige yllustratyf. Dochs hâldt de respinge net oer; der binne ek út 'e midden fan 'e foarrige ieu folle mear foarbylden sûnder as mei *wa* yn 'e earder neamde wurdboekkartoteken oerlevere. In boarne út it Hylpers, en noch wat letter in sitaat by J.S. van der Steegh, dat is it wol sa'n bytsje:

- (18) Ja, neef! zeé er, (en helle de schoolers wa wet ho haaig op). (S.O. Roosjen yn S.O. Roosjen, N.D. Kroese & W. Eekhoff: *Merkwaardigheden van Hindeloopen; bevattende historische bijzonderheden omtrent de woningen, kleeding, gebruiken en de taal der Hindeloopers, benevens taalproeven in rijm en onrijm*. Leeuwarden (1855), s.87)
- (19) Foar iten hwa wit hofolle bitter en nei iten wer bier. (út: *De Pronkskens fen de Frouljue is de Mânljue hjar Skild*. Holwert (1880), s.45)

De krekte oergong fan *wa wit hoe* nei *wit hoe* is oars net folle fan te sizzen. Yn it midfrysk⁸ komt de lêste foarm net foar, en fan 'e folle foarm haw ik mar ien foarbyld fine kind:

- (20) Dij hie oppe schouders lissen / Ien wijtte proek, wa wit hoe lang!
(1741A, r.59-60)

En yn 'e foarste helte fan 'e 19de ieu binne allinnich mar twa koarte foarms oerlevere (de earste is Hylpers):

- (21) So peinze yk sendy et aâlde oer, / En gealde wet ho lang. (A. Buma: *Op het veranderen der levenswijs en der kleederdracht in Hindeloopen, door eene hoog-bejaarde weduwe overdagt, bij gelegenheid van het ys-vermaak aldaar gehouden op zee in february 1838 waarvan zy verhaal doet aan hare buurvrouw.* Hs P.B.)
- (22) Hy gúlde wit ho lúd. (H. Sytstra, *It boask fen de kasteleins dochter.* Frentsjer (1841), s.25)

Wat wol út it materiaal ôflaat wurde kin, is dat it fuortfallen fan *wa* earder west hat as de reduksje fan [hu] ta [ə]. Dat *wa* foar *wa wit* maklik fuortfalle koe, is wol oannimlik, ek foar oare omtreksten binne dêr wol foarbylden fan:

- (23) As ik har ris oan 't laaitsen bringe koe, wit oaft de graat er fen sels net uutfleach. (J.H. Halbertsma, *De lapekoer fen Gabe Skroar.* Dimter (1829), s.213)
- (24) Wyt hwêr't hjar mem hjar earst wer hinne fitert en hjit. (J.S. v.d. Steegh, *In oantinken.* Snits (1884), s.81)

We sille dan ek wol oannimme meie dat yn *witwat*, *witwer*, ensfh. in soortgelikens proses west hat. Ek dêr binne wol bewyskes fan te finen, bygelyks:

- (25) Do toegest lieaver hwa wit hwet flarderijen in 'e hûs gear. (W. Dykstra, *De frymitseler fen Jinsensbûrren.* Freantsjer (1870), s.109)

Nei it fuortfallen fan *wa* waarden de oerbleaune eleminten *wit* en *hoe* letter nei alle gedachten net mear as aparte wurden oanfield: it oaninoar skriuwen fan *withofolle* yn (26) is dêr in oanwizing foar:

- (26) Fen jild en gûd, fen rom en ear, / En withofolle dingen mear. (H.A. Otter, *Foarjerssprútsjes.* Hearenfean (1911), s.16)

De syllabe *hoe* koe úteinliks sels reducearje ta in schwa:

- (27) Det 's winkellju en bollekûr/ En pakkedragers wit 'e jûr./ Hja flaene my de stritte. (T.H. Dykstra: *Myn earste wirk út ues dageliks libben*. [sûnder fierdere oantsjutting, nei 1881])

Mear oer it hoe en het en benammen wêrom fan 'e hiele ûntjouwing komt yn paragraaf 6 oan 'e oarder.

4. Werom nei de basis

Wy ha no dus sjoen dat *witte-* ûntstien wêze moat út *wa wit hoe*. Kin dat ek ljocht smite op 'e eigenskippen fan *witte-*formaasjes dy't we earder tsjinkaam binne? Ja, is it antwurd, by einsluten al. Sa sil it wêrom fan 'e ûnderskate útspraakfarianten no wol dúdlik wêze. Ik wol my yn dizze paragraaf beheine ta de restriksjes op 'e basis, de oare eigenskippen komme letter oan 'e oarder.

Hjirfoar ha we konkludearre dat *witte-* kombinearre wurde kin mei adjektiven dy't (i) gradearber, (ii) objektyf en (iii) oriëntearre binne. Nijsgjirrich is no wat it fraachwurdsje *hoe* mei dy kategoryen docht. Foar (i), de gradearberens, is dat frij ienfâldich: *hoe* is it fraachwurd dat nei in graad freget (sjoch Klein 1980,27).

Wat minder simpel leit it derhinne mei de objektiviteit fan 'e adjektiven. Op 'e hjirnei te besprekken restriksje nei smyt befreging fan objektive adjektiven mei *hoe* gjin problemen op: mei in fraach as

- (28) Hoe lang is Gryt fan Dunen?

sil nimmen problemen ha. Oars leit dat mei

- (29) 'Hoe moai is Gryt fan Dunen?

De fraach liket op himsels net ûngrammatikaal te wêzen (Cruse (1976) brûkt yn syn karakterisearring fan ferskillende antonimerelaasjes hieltyd ditsoarte fragen ek by de subjektive adjektiven), mar om Klooster (1976,231) te parafrazearen: 'een vraag van het type (28) is gemakkelijker te beantwoorden dan een vraag van het type (29). De laatstgenoemde vraag heeft zelfs iets 'vreemds''. Klooster ferbynt dat mei de neutralisearberens fan objektive adjektiven, mar hy wurket dat net út en ik leau earlik sein ek net dat dat der wat mei te krijen hat. *Hoe* freget nei in graad en dy kin op 'e lingteskaal presis oanjûn wurde, en foar skientme bestiet no ienris net sa'n objektive skaal (Ljung 1974,76). Op fraach (29) is eins net goed in antwurd mooglik. Folle fierder as: 'ferrekte moai', 'it hâldt net oer', of 'like moai as Sippy Tichelaar' sil men net komme (sjoch ek Klooster 1971,50). Mei oare wurden: befreging mei *hoe* fan subjektive adjektiven is grammatikaal miskien net útsletten, mar komt yn 'e praktyk fan it taalferkear net of kwealik foar.

Mei it oriïntearre wêzen fan 'e objektive adjektiven leit it wer wat dúdliker. Yn dy gefallen dêr't ien fan twa antonimen (yn 'e praktyk dus dy term dy't de hege wearde oantsjut) de mooglikheid hat om de hiele skaal te bestriken nimt *hoe* dat oriïntearre of ûnmarkearre adjektyf foar kar. De gewoane fraach is dus (30) en net (31):

(30) Hoe lang is jo jacht?

(31) 'Hoe koart is jo jacht?

Fraach (31) is miskien net folslein ûnmooglik, mar is tige markearre en allinnich te uterjen yn in petearsitewaasje dêr't al fan it koart wêzen fan it jacht útgong wurdt. Yn sa'n gefal komt de klam earder op *hoe* te lizzen as op it adjektyf (Ljung 1974,77-78), dus:

(32) Hóé koart is jo jacht?

It ferskil is ek hjir oan te fernimmen dat by de ûnmarkearre fraach beide antwurden 'hiel lang' en 'hiel koart' mooglik binne, wylst 'hiel lang' as antwurd op (32) útsletten is (Givón 1970,817).

De trije beheinings op 'e basis fan *witte-*, gradearberens, objektiviteit en oriïntearrens, binne dus hielendal te ferklearjen út 'e beheinings wei dy't *hoe* oan adjektiven opleit.⁹ Mar de ynfloed fan dat *hoe* giet sels noch fierder. Sa besteane der ek objektive antonimepearen dêr't beide termen fan markearre binne. Rusiecki (1985,18) neamt as foarbyld 'in the pair 'late':'early' both terms are marked, in questions as well as in statements'. Yn dat gefal makket it net út hokker term *hoe* foar kar nimt, en dat soe it bestean fan *witteier*, njonken *wittelet*, ferklearje kinne. Hoe slim oft de basis fan *witte-* lykop rint mei de kombinearberens mei *hoe* kinne we ek sjen oan 'e beide net-adjektiven út (1), te witten *faak* en *folle*. Ommers, *hoe faak* en *hoe folle* binne sa gewoan as 't mar kin. We meie dus wol konkludearje dat de beheinings op 'e basis fan it foarheaksel *witte-* net los sjoen wurde kinne fan syn eardere bestean as *wa wit hoe*.

5. *It aard fan it sintsje*

We ha yn paragraaf 3 sjoen dat in wurd as *wittefier* (ik behein my ynearsten mar ta dat foarbyld) ûntstien is út *wa wit hoe fier*. Yn dizze paragraaf woe ik besykje om te kommen ta in neiere karakterisearring fan dat sintsje en om dêrútwei de oare eigenskippen fan *witte-* nochris te besjen.

Ik skreau oars 'sintsje', mar miskien is dat wol wat in al te wiidweidich begryp hjirre. Der sit fansels in persoansfoarm yn (*wit*), mar yn it twadde part liket foar it gefoel wat te ûntbrekken; in folsleine sin soe bygelyks wêze:

(33) Wa wit hoe fier oft de keeper de bal fuortskopt.

No binne sokke ûnfolsleine sintsjes wol goed mooglik as freegjende sin, en de oanwêzichheid fan it freegjende foarnamwurd *wa* en it dito bywurd *hoe* suggerearret fansels ek al in oplossing dy kant út. In probleem soe dêrby al wêze kinne dat at jo in sin as (34) folslein krije wolle, jo in meunster as (35) as risseltaat krije soene:

(34) De keeper skopte de bal wa wit hoe fier fuort

(35) *De keeper skopte de bal wa wit hoe fier oft de keeper de bal fuortskopte fuort.

Mar miskien soe (34) opfette wurde moatte as besteande út twa sinnen, dêr't de twadde in ûnfolsleine mar dochs wol grammatikale fraach is:

(36) De keeper skopte de bal fuort. Wa wit hoe fier?

Dochs bliuwe hjir op syn minst trije problemen oer:

- a. Us sintsje hat net de typyske yntonaasje fan de fraachsin.
- b. It karakter fan in fraach mei syn twifel en ûnwissichheid strykt min mei de wissichheid fan 'e sprekker oer de oanwêzigens fan in hege graad.'
- c. At it sintsje in fraachsin wêze soe, soe de klam op ien fan 'e beide fraachwurden lizze, mar hy leit der just krekt tuskenyn, op *wit*.

Alles meielkoar lykje my dat safolle beswieren ta dat we it fraachkarakter fan *wa wit hoe fier* yn 'e kiif stelle moatte.

Likegoed wiist de wurdkar fan it sintsje — twa fraachwurden, en in tiidwurd as *witte* dat as matrikstiidwurd fan in ynbêde fraachsin fungearje kin — noch altiten sterk yn 'e rjochting fan it fraachkarakter fan it sintsje. In útwei soe yn it earste oankommen wêze kinne om it dan de kant út te sykjen fan 'e *retoaryske* fraach: nettsjinsteande de foarm is dat ommers semantysk in meidielende sin. Mar al is dat in ferbettering, it aspekt fan 'e hege graad is der noch altyd net mei ferklearre, en de botsende eigenskippen fan yntonaasje (a) en klam (c) bliuwe bestean.

Der is noch in oare driuwende reden om net sa bot oan it fraachkarakter fan it sintsje te leauwen. Besjoch dêrfoar de neifolgjende sinnen¹⁰:

- (37)
- a. De keeper skopte de bal wa wit hoe fier fuort.
 - b. De keeper skopte de bal wit ik hoe fier fuort.
 - c. De keeper skopte de bal ik wit net hoe fier fuort.
 - d. De keeper skopte de bal ik soe net witte hoe fier fuort.

Foar myn gefoel binne al dy sinnen synonym. *Wa wit hoe fier*, dêr't we dus al mei yn 'e kunde kaam binne, hat de foarm fan in fraachwurd fraach, *wit ik hoe*

fier dy fan in ja/nee-fraach, *ik wit net hoe fier* liket in meidielende sin mei ûntkenning en *ik soe net witte hoe fier* soe men in modalisearre meidielende sin neamme kinne. Merk op dat yn al dy sinnen, dy't ik hjirnei hieltyd as *wit*-sintsjes oantsjutte sil, wol ien of oare operaasje tapast is; in keale meidielende sin liket ûnmooglik te wêzen:

(38) *De keeper skopte de bal ik wit hoe fier fuort.

Al liket it hiele sintsje dan gjin fraach te wêzen, we moatte miskien dochs rekken hâlde mei it eventuele fraachkarakter fan it part *hoe fier*. Dat begjint omers yn alle farianten mei it fraachwurd *hoe*. Boppedat ha we hjirfoar beriddenearre dat de beheinings op 'e basis fan it foarheaksel *witte*-ferklearre wurde kinne troch parallelle beheinings op *hoe*-fragen. Mar ek de fariaasje by (37) sels wiist yn 'e rjochting fan ynbêde *hoe*-fragen. Ommers, de fjouwer matriksinnen fan (37) *wa wit?*, *wit ik?*, *ik wit net* en *ik soe net witte* tsjutte allegearre op in ûnwissichheid by de sprekker. Dy ûnwissichheid makket dat der freegjende kompleminten selektearre wurde, en gjin meidielende. En krekt de fariant dêr't dy ûnwissichheid net by fôarkomt, **ik wit*, is, sa't we yn (38) sjoen ha, hjir útsletten. Dat wurdt moai yllustrearre oan ynbêde ja/nee-fragen, dy't ynlaat wurde troch de komplemintearder *oft*:

- (39) a. Wa wit oft/ *dat er thús is?¹¹
 b. Wit ik oft/ *dat er thús is?
 c. Ik wit net oft/ *dat er thús is.
 d. Ik soe net witte oft/ *dat er thús is.
 e. Ik wit *oft/ dat er thús is.

We sille der dus ynearsten rekken mei hâlde moatte dat teminsten it part *hoe fier* al it karakter fan in fraach hat.

Mar lit ús earst ris fierder gean mei it folsleine sintsje, dat yn alle gefallen gjin fraach is. It plak dêrfan, 'midden' yn in gruttere sin, suggerearret dat we te krijen hawwe kinne soene mei in parenteze, in soarte fan bystellingssin dus. Doch, it ferhaal driget ientoanich te wurden, om mar ris in bekende klisjee-parenteze te brûken, liket it sintsje ek gjin parenteze neamd wurde te kinnen. In wichtich argumint dêrfoar is dat de foar parentezen sa typyske kommayntonaasje, it foarkommen fan in lytse pauze oan begjin en ein fan 'e parenteze (sjoch Emonds 1976,44), by ús sintsjes neat fan te bespeuren is. Mar der binne noch mear ferskillen, dy't oan 'e hân fan ûndersteande sinnen aardich yllustrearre wurde kinne:

- (40) De keeper skopte de bal ik wit net hoe fier fuort.
 (41) De keeper skopte de bal, ik wit net hoe fier, fuort.

Alderearst is der fansels in ferskil yn ynterpretaasje. Yn (40) wol de sprekker meidiele dat de bal in almeugend ein fuortgong, wylst er yn (41) krekt oanjout dat er net op 'e hichte is fan 'e ôfstân dy't de bal ôflein hat. Op it mêd fan 'e ynterpretaasje hâlde de farianten har ek net gelyk. Ik haw fan (37) útholden dat alle farianten dêre itselde betsjutte. Soene jo, krekt lykas yn (40) en (41) dien is, fan al dy farianten parentezen meitsje, dan soene jo oan alle parentezefarianten in ferskillende ynterpretaasje jaan moatte.

Mar der binne ek formele ferskillen. Sa leit yn (40) de klam op *wit*, en yn (41) kin er by wize fan sprekken oeral op lizze, mar dêr krekt net op. Fierders mei, at jo de graadynterpretaasje yn stân hâlde wolle, yn (40) nuvergenôch gjin oar leksikaal materiaal der tusken foege wurde, wylst dat yn (41) gjin direkte gefolgen hat:

- (42) *De keeper skopte de bal ik wit net mear hoe fier fuort.
 (43) De keeper skopte de bal, ik wit net mear hoe fier, fuort.

Sin (40) mei ek net op oare wize yn omgriemd wurde. Sa lizze persoan (*ik*) en tiid (presens) ûnferwrigber fêst, wylst feroarings datoangeande yn (41) oan it parentezekarakter gjin inkelde ûnderstek dogge:

- (44) a. *De keeper skopte de bal hy wit net hoe fier fuort.
 b. De keeper skopte de bal, hy wit net hoe fier, fuort.
 (45) a. *De keeper skopte de bal ik wist net hoe fier fuort.
 b. De keeper skopte de bal, ik wist net hoe fier, fuort.

As lêste in struktureel ferskil. We hawwe sjoen dat parentezen fan 'e rest fan 'e sin skaat wurde troch de saneamde kommayntonaasje. Dat komt omdat parentezen opfette wurde kinne as woartelsinnen (Emonds 1979,223), dy't troch de transformaasje parentezeformaasje midden yn in oare sin bedarje kinne, alteast neffens in útstel fan Emonds (1976,45). Dy oare sin moat dan wol op himsels in folsleinen- en grammatikalenien wêze. Ferlykje no de hjirneikommende sinnen:

- (46) Hy brûkt ik wit net hoe folle.
 (47) *Hy brûkt, ik wit net hoe folle.
 (48) Hy brûkt sûker, ik wit net hoe folle.

Brûke is in transityf tiidwurd en hat dêrom in direkt objekt noadich. Yn (48) is dat *sûker*, yn (46) is dat *ik wit net hoe folle*. Mar yn (47) is *ik wit net hoe folle* in parenteze, stiet dus yn in aparte sin, en kin dus net brûkt wurde as ynfolling fan it direkt objektsplak fan *brûke*. Sin (47) hat dus gjin direkt objekt, en is dêrom ûngrammatikaal.

De mooglikheden om achter de identiteit fan it sintsje te kommen lykje sa

njonkenlytsen op te wêzen. It is dêrom faaks net ferkeard en gean nochris werom nei de boarnen, yn ús gefal de njoggentjinde-ieuske fynplakken mei de folle foarm. Yn (17), de oanhelling fan Tsjibbe Gearts van der Meulen, wurdt *wa wit ho folle* foarôfgong troch *o!*. Dat *o!* hat dúdlik in útroppend karakter. Wat at we oannimme dat it sintsje in útrop is?

Foar it part *hoe fier* liket dat gjin ûnmooglikheid. Elliott (1974,244) hat, sûnder dat er dêr oars in ferklearring foar jout, foar in stikmannich sterk útin-oarrinnende talen konstataarre dat fraachwurdfagen en útroppen sterk opin-oar lykje. En útroppen kinne ynbêde wurde, it meast resint hat Krijgsman (1983,130) dêr nochris op wiisd. No is in eigenskip fan ynbêde útroppen dat se in semantysk faktyf predikaat (yn 'e sin fan Kiparsky & Kiparsky 1971) noadich ha. De reden dêrfan is dat de proposisjonele ynhâld by útroppen ynherint as wier presupponearre wurdt (Hudson 1975,10; Grimshaw 1977,57; Grimshaw 1979,318-325), en allinnich faktive predikaten hawwe sa'n presuppowsysje oer harren komplemint.

Mar yn tsjinstelling ta bygelyks *ik wit* binne de ûnderskate predikatefarianten fan (37) net faktyf. By de freegjende farianten *wa wit* en *wit ik* kin dat útsoarte al net en ek by de ûntkennings *ik wit net* en *ik soe net witte* leit dat fansels net yn 'e reden. Der liket mar ien mooglikheid om dy predikaten al te faktivisearjen, en dat is troch der sels útroppen fan te meitsjen! Dat de matrikssin hjir ek as in útrop opfette wurde moat, wurdt ek oanjûn troch twa oare eigenskippen. De betsjutting fan it wurd *wit* is yn alle farianten fan (37) fierhinne 'leech' wurden, en kin yn alle gefallen net mear korrekt omskreaun wurde mei 'kundskip hawwe fan'. Boppedat binne de farianten lykas al earder opmurken synonym oan elkoar.¹²

Myn idee is dus dat by de *wit*-sintsjes matrikssin en ynbêde sin beide in, en dus ien, útrop binne. Better net te witten is yn 'e útropliteratuer sa'n konstruksje oars kwealik omtinken oan jûn. Allinnich Zaefferer (1983,474) jout yn in noat it Dútske foarbyld

(49) Du glaubst nicht, was der alles gelesen hat!

mei de opmerking dat de sin ûngrammatikaal wurde soe at de matrikssin yn-stee fan in útroppende in meidielende lêzing krije soe.

Lit ús ris sjen hokker eigenskippen ferklearre wurde kinne at we oannimme dat we mei in útrop fan dwaan hawwe. Yn alle gefallen de yntonaasje komt dan teplak. Yn in útrop hat dy in 'fallend' patroan (Elliott 1974,243; McCawley 1973,370) en it docht bliken dat de yntonaasje fan 'e *wit*-sintsjes út (37) lykop rint mei de yntonaasje fan dy ekspresjes as losse útroppen (de wurdliiden mei de haadklam binne yn kaptaal oanjûn):

- (50) a. Wa WIT hoe fier (fuort)!
b. Wit IK hoe fier (fuort)!

- c. Ik WIT net hoe fier (fuort)!
- d. Ik soe net WITte hoe fier (fuort)!

Merk op dat de riddusearre foarm *wittefier* hjoeddedei de haadklam noch altyd op *wit* hat.

De opfallendste parallel mei it sintype útrof leit tink wol yn 'e betsjutting. It typyske fan 'e *wit*-sintsjes is, dat der gjin inkeld leksikaal elemint direkt oan te wizen is dat ferantwurdlik steld wurde kin foar de hegegraadynterpretaasje. By útroffen is dat krektenallyk. De hege graad moat ôfkomstich wêze fan 'e útrof sels, sa't ûnderskate auteurs (bygelyks Culioli 1974,7; Gérard 1980,4) opmerke. Neffens de lêste wurdt mei in útrof sels in ekstreem hege graad útdrukt; dat soe der de oarsaak fan wêze kinne dat *wittefier* yn (6b) as fierder oanfield wurdt as *tige fier* yn (6a). De oannaame dat we te krijen ha mei útroffen, soe sa ek de synonymy fan 'e farianten fan (37) ferklearje kinne.

Fan útroffen wurdt, bygelyks troch Banfield en Milner, oannaam dat se ginnerearre wurde ûnder in aparte knoop E ('Expression'). De knoop E ferwiist streekrijocht nei it stuit fan uterjen en nei de rol fan 'e sprekker. It soe hjir fierstentefier gean om alle innen en oanen fan it útstel út te djipjen, mar in pear eigenskippen fan E binne foar ús doel dochs nijsgjirrich. Sa formulearret Banfield (1973) op s. 20 it 'One Expression / One Speaker Principle':

- (51) 'For every expression (E), there is a unique referent of *I* (the speaker) and a unique referent of *you* (the addressee)'

dat der ferantwurdlik foar steld wurde kin dat yn 'e *wit*-sintsjes allinnich mar de earste persoan *ik* brûkt wurdt (*wit ik; ik wit net; ik soe net witte*), en dat ferfanging mei bygelyks *hy* ûngrammatikale sinnen opsmyt.

Yn har boek (1982) komt Banfield noch mei in nij prinsipe, dat ek te krijen hat mei de direkte utering fan 'e sprekker:

- (52) 'For every expression (E), there is a unique referent of the present tense, which is cotermporal with NOW' (s.58)

Wierskynlik hat it feit dat de *wit*-sintsjes allegearre yn 'e notiid steane, dêr wat mei te krijen. Dat jildt ek foar de modale ferzje *ik soe net witte*: krekt as by de oaren soe men dêr 'op dit stuit' by tinke kinne.

Noch twa oare eigenskippen fan E binne foar ús fan belang. E kin bestean út 'incomplete sentences, which, however, can be wellformed parts of an appropriate discourse' (Banfield 1973,6). Dêrmei is it probleem dêr't dizze paragraaf mei útein sette, ek teplak brocht. Lykas al sein moatte E's streekrijocht op it konto fan 'e sprekker taskreaun wurde. Se hawwe dêrom in elemint fan subjektiviteit en affektiviteit yn. Mei dat yn 'e achterholle komt de obstrewaasje oan 'e ein fan paragraaf 1, dat de sprekker by gebrûk fan in *wit*-

te-ôflieding him mear by it ûnderwerp betrutsen fiede, yn in dúdliker ljocht te stean.

It mei dúdlik wêze dat we fierhinne op it goede spoar sitte: der falt in soad foar te sizzen om de *wit*-sintsjes op te fetsjen as útroppen. Der binne twa eigenskippen dy't dat byld dochs noch fersteure kinne soene. Hjirfoar mienden wy ommers al fêststeld te hawwen dat de beheinings op 'e basis fan *witte*-ôfliedings feroarsake wiene troch de beheinings fan *hoe*-fragen. En boppedat ha we oan (39) sjoen dat de beheinings op 'e matriksfarianten fan (37) allinnich mar ferklearre wurde koene troch út te gean fan ynbêde *fragen* as kompleminten.

It liket der dus yn 'e earste opslach op dat we tagelyk te krijen ha mei útroppen en mei fragen. Paradoks! Paradoks? Net at wy ús heil sykje by de sa't it liket ûnôfhinklik fan inoar ûntwikkele ideeën fan Jean-Claude Milner (1978) en Jane Grimshaw (1979). Harren teoryen komme der tige yn it koart op del dat ien syntaktyske wh-struktuer twa ynterpretaasjes krije kin. Kin de sprekker der gjin wierheidswearde oan jaan (Milner), of is de wearde fan 'e fariabele dy't troch it wh-wurd represintearre wurdt net beskaat (Grimshaw), dan wurdt dy struktuer ynterpretearre as in fraach. Is dat wol it gefal, dan wurdt de ynterpretaasje 'intensif-exclamatif' (Milner 1978,342).

Sa wurdt dus ferantwurde dat in útrop neffens de foarm in fraach lykje kin. Dêrmei hawwe hiel wat eigenaardichheden fan de *wit*-sintsjes en *witte*-ôfliedings sa't we se hjirfoar tsjinkaam binne in ferklearring krige. De krêft fan dizze oplossing kin ek demonstrearre wurde oan 'e al earder oanhelle besibbe foarms *witwat*, *witwêr*, *witwêrearne*, *witwêrsa* en *witwêrsanne*. It wh-karakter fan útroppen is dêre fansels ferantwurdlik foar de kombinaasje fan *wit* (út *wa wit*) en in fraachwurd. Sels mei *hoe* is yn dat ferbân mear mooglik as at we earst tochten. Yn guon gefallen kin dat fraachwurd nammentlik ek NP's befreegje, en sa kinne jo in foarbyld tsjinkomme as it nofolgjende:

- (53) Ho mannich himd en doekje/ Ward fen dy oplicht wit ho'n ein. (H. Sítstra: *Teltsjes en rîmkes*. Leauerd (1867))

By alle fraachwurdvarianten is de betsjutting hieltyd 'yntinsyf', lykas Zantema (1984) mei omskriuwings as '(heel) veel' en 'verspreid, overal heen' besocht hat om oan te jaan. Sels it yn dat wurdboek opfallende ûntbrekken yn it rychje fraachwurden fan *wa* past miskien yn it hjir oanbeane ramt. Utroppen mei *wa* skine teminsten net goed te wollen. Foar it Frânsk ûntbrekt *qui* ek opfallend yn Milner (1978, 264) syn rychje 'marqueurs d'exclamatifs en *qu*'. En yn it Dútsk beheint *wer* him neffens Von Roncador (1977,104) ta 'Echoausrufe'.¹³

Mei it weromlieden op 'e útropstatus ha we dus oant no ta hiel wat eigenskippen fan *witte*-ôfliedings ferklearje kind. Der bliuwe lykwols noch twa oer dy't in behanneling fertsjinje. Beide ha te krijen mei de pleatsingsmooglikheden yn 'e sin.

Ommers, it is opfallend dat ús útropsintsjes midden yn in oare sin steane, sels sûnder in bynwurd of sokssawat. No is der in sintype dat soks ek kin. Dat is de parenteze, mar we ha earder krekt útholden dat ús sintsjes gjin parentezen binne. Dat ha we doe dien omdat der krekt wol in kandidaatparenteze foarhannen wie dy't yn in soad dingen fan ús sintsjes ôfwykte.

At we dy ôfwikende eigenskippen lykwols nochris better besjogge, dan docht bliken dat se foar it meastepart te krijen ha mei it feit dat dy 'echte' parenteze in letterlike ynterpretaasje hat en gjin útroppende. Der bliuwt mar ien oarssoartich ferskil oer, en dat is dat ús sintsjes gjin kommayntonaasje hawwe. Mar it is noch mar de fraach oft dat hjir wol sa essinsjeel is. It is namentlik ek hiel goed mooglik om de útropsintsjes al in kommayntonaasje mei te jaan. Sin (40) wurdt dan:

(54) De keeper skopte de bal, ik wít net hoe fier!, fuort.

Ik soe der dan ek op oan wolle dat ús útropsintsjes, yn tsjinstelling ta wêr't it earst op like, wiswol ek parentezen binne. It ferskil mei ús eardere parentezen is allinnich dat ús sintsjes tagelyk ek útroppen binne. It yn 'e paragraaf hjirnei te besprekken leksikalisearringsproses hat der foar ret dat de foar parentezen sa karakteristike kommayntonaasje ferdwûn is.¹⁴ It sil dus dúdlik wêze dat ik it ek net iens bin mei Banfield (1973) har stelling dat útroppen allinnich oan it begjin fan in sin foarkomme kinne. Yn alle gefallen yn it Frysk kin in útrop ek 'midden' yn in sin stean. De gewoane pleatsingsregels foar parentezen kinne bewurkmasterje dat er dêr ek yndied bedarret.

It oare pleatsingsprobleem is al yn paragraaf 1 synjearre, te witten de sterke foarkar fan 'e witte-ôffiedings foar de predikative posysje, útsein dan *wittefolle* dat wol attributyf brûkt wurde mei. No kin it byld dat in korpus jout fansels tafallich wêze. Foar myn eigen yntuysjes liket it wol sawat te striken, mar in lytse, net riprissintative enkête smiet tige útinoarrinnende oardielen op. Foar guont joech in *wittehege beam* gjin inkeld probleem, der wiene ek in pear foar wa't it perfoarst net koe, en dan wie der noch in tuskenkategory foar wa't it attributive gebrûk byneed wol koe mar dy't de predikative posysje folle natuerliker yn 'e earen hearde.

Ik woe der ynearsten mar fan útgean dat attributyf gebrûk yndied net kin, útsein dan by *folle*. Foar dy distribúsje binne twa mooglike ferklearrings op te stellen. De earste giet parallel mei in konstatearring fan Brummel (1978) oer ynterjeksjes, dy't troch him ek beskôge wurde as útroppen: '(. .) dat, hoe vrij interjecties ook zijn wat hun positie in de zin betreft, zij toch steeds tussen konstituenten staan' (s. 170).

By ynterjeksjes binne dêr in pear útsûnderingen op; it giet dan om sinnen as de neifolgjende (Brummel 1978,171):

(55) Ik heb pak weg twintig sigaren gerookt vandaag

(56) Marie is met GVD drie Amerikanen uitgeweest!

Dat dy ynterjeksje dêr de NP ynkringe kin skriuwt Brummel ta oan 'e kwantor dy't dêr yn foarkomt, en dy't de ynterjeksje bine soe. At we no oergeane nei de *witte*-ôfliedings, dan is der fan alle basiswurden mar ien kwantor by. Dat is *folle*, en krekt *wittefolle* is de iennichste dy't attributyf foarkomt. De oerienkomst is fansels frappant, mar hoe't dy bining fan in ynterjeksje krekt yn syn wurken giet skriuwt Brummel der net by en hoe't yn ús gefal in hiele útrop troch in kwantor bûn wurde moatte soe kin ik my hielendal gjin foarstelling fan meitsje.

Miskien moatte we de ferklearring dêrom in oare kant út sykje. It typyske fan 'e attributive posysje is fansels dat dy bûging fan it adjektyf meibringt. Fan 'e basiswurden fan (1) binne twa dy't noait bûgd wurde. Dat binne *faak*, mar dat komt ek net yn attributive posysje foar, en *folle*. No ha we útholden dat ús *wit*-útroppen in parenteze útmeitsje, en it liket derop dat der gjin bûgde adjektiven yn in parenteze stean kinne:

(57) Hy smookte doe, ik soe mei gjin mooglikheid sizze kinne hoe folle, swarte Kubaanske segaren.

(58) *Hy smookte doe, ik soe mei gjin mooglikheid sizze kinne hoe lange, swarte Kubaanske segaren.

Nei alle gedachten is it de eigenskip dat de parenteze in sin op himsels, in sterk ôfsletten gehiel, is, dy't makket dat it adjektyf gjin kongruïnsjerelaasje mei it substantyf lizze kin. Ek hjirre kin in yn it earste oankommen eigenaardige eigenskip fan 'e *witte*-ôfliedings dus werombrocht wurde op har syntaktysk ferline.

6. *Witte- en it leksikon*

We binne der hjir en dêr fansels al wat op kaam, mar dochs liket it my foar it heldere sicht wol sa goed ta om de diagroane ûntwikkeling dy't úteinliks laat hat ta it ûntstean fan it foarheaksel *witte*-, hjir nochris wat systematysker yn kaart te bringen. Yn it oanbegjin stiet fansels it gebrûk fan 'e *wit*-sintsjes as útroppen, en dan benammen de fraach wat der foar soarge hat dat krekt in konstruksje mei it tiidwurd *witte* sa gaadlik wie om te ferútroppen.

Lykas by alle oanbegjinkwestjes moat it measte dat hjir fan te sizzen falt yn it spekulative stykjen bliuwe. Wat stipe kinne we fine by Bolinger (1972,93), dy't fan 'e oergong fan 'truth identifier' ta 'intensifier' seit:

'For the most part the elements that undergo the change are from 'outside' the *dictum* (. . .): they are terms that originally expressed some rela-

tionship between wat is said and the declarativeness of saying it, or the certainty or emphasis or truth attached to it.'

Bolinger jout foarbylden mei de tiidwurden *tell* en *believe*, mar it liket my ta dat in ferbum as *witte* ek goed yn it ramt past. At jo wat witte ymplisearret dat de wierheid of yn alle gefallen de foarriedige wissigens oer de wierheid fan wat jo witte. Troch it tiidwurd *witte* eksplisyt yn 'e utering op te nimmen lizze jo in direkte relaasje tusken dy wierheid en de utering sels.

Ek at we op in wat oare wize nei de fjouwer *wit*-sintsjes sjogge, kinne we faaks begripe wêrom oft syen krekt sa gaadlik wiene om ta in útrof te wurden. We geane dêrby út fan 'e letterlike betsjutting fan it tiidwurd *witte*, dus 'kunde hawwe fan'. Sjogge we earst nei de dúdlikste gefallen *ik wit net hoe fier* en *ik soe net witte hoe fier*. Dat it objekt dêr't oer praat wurdt fier is, stiet dêryn net ta diskusje, wol de mjitte fan fierens. En at de sprekker dan trochjout dat er dy mjitte net fan op 'e hichte is, dan kin lichtwol de lêzing ûntstean dat dy mjitte dan fan in net te omfiemjen gruttens is. Of omkeard at de sprekker wize wol op it abnormaal fiere fan dy fierens, kin er dat ymplisyt dwaan troch te sizzen dat de mjitte sels bûten syn kennisnivo bedarre is. De ferbining nei de ekstreem hege graad fan útroffen is dan fansels maklik lein.¹⁵

By de oare twa *wit*-sintsjes sil de saak likernôch itselde om en ta gong wêze. Yn *wit ik hoe fier?* docht de sprekker ek te witten dat er it net wit. En allyksa yn *wa wit hoe fier?* is er sels net op 'e hichte mar besiket er de ynformaasje (wanhopich) noch by in oar wei te krijen, of hy freget him ôf oft der ien is dy't it al wit. Yn alle fjouwer gefallen soene jo eins sizze kinne dat de sprekker gjin kunde hat fan 'e mjitte fan fierens, dat de mjitte om sa te sizzen bûten syn eachweid leit, en dêrom wol ûnbidige grut wêze moat. Dizze ynhâldlik-semantyske redenearring slút dus *ik wit hoe fier* út, omdat de sprekker dêr krekt wol weet hat fan 'e mjitte. Sa't we earder sjoen ha, kin ek yn termen fan komplemintseleksje beargumintearre wurde wêrom oft *ik wit* net yn it rychje *wit*-útroffen thúsheart.

Oant no ta binne we der fan útgong dat de *wit*-útroffen gewoane sintsjes binne, mei sinachtige eigenskippen en ginnerearre yn 'e frije syntaksis. Dochs is it de fraach hoelang oft dy syntaksis frij west hat. Utdrukkings mei it tiidwurd *witte* deryn lykje fetber te wêzen om ta in soarte fan formule te wurden; Meibauer (1986) klassifisearret yn syn stúdzje oer retoaryske fragen de útdrukking 'wer weisz?' al least ûnder de 'standardisierde rhetorische Formeln' (s. 152).

It soe jin gjin nij dwaan at hjir sokssawat ek rillegau west hat. Kiparsky (1976) neamt trije typyske eigenskippen fan 'bound phrases': (i) 'arbitrarily limited distribution', (ii) 'frozen syntax' en (iii) 'non-compositional semantics'. Hoewol't er der by seit dat dy trije eigenskippen net needsaaklikerwize tagelyk fan tapassing hoege te wêzen, lykje se by *wa wit hoe* wol allegearre oanwêzich. Sa is de distribúsje beheind ta dy adjektiven/ adverbialen dy't mei *hoe*

befrege wurde kinne. Dat is op himsels miskien net hielendal in ûnnatuerlike klasse, mar yn it ljocht fan 'e semantyske bydrage, it oanjaan fan in tige hege graad, is it dat lykas wy sjoen ha, àl. De beheinde syntaktyske mooglikheden — it net goed wollen fan omsetting en ynfoeging, de útsluting fan 'e attributive posysje — ha yn paragraaf 5 ek al op it aljemint west. En dat de betsjutting fan *wa wit hoe fier* net út de gearstallende wurden ôf te lieden is folget fansels al út 'e eigenskippen fan 'e útrof.

De *wit*-útroppen ha dus deselde eigenskippen as de bûne kloften, dêr't Kiparsky fan úthâldt dat se folslein yn it leksikon opnaam wêze moatte. Dat it leit yn 'e reden om oan te nimmen dat de *wit*-útroppen dêr ek bedarre wêze sille.

It sinachtige elemint gong dus op 'en doer ferlern, it ferdwinen fan 'e kommayntonaasje sil dêrmei te krijen ha. By de taalbrûkers sil dêrby in werstrukturearring op gong set wêze. *Wa wit hoe fier!* bestiet yn wêzen út twa betsjuttingseleminten: 'fier' en 'tige hege graad'. Men mei oannimme dat doe't *wa wit hoe fier* net mear as in útrof oanfield waard, dy lêste betsjutting oergong is op it part *wa wit hoe*, en dat dat troch it Fregeaanske prinsipe fan 'e ien-op-ien-korrespondinsje fan foarm en betsjutting úteinliks as ien morfeem oanfield waard.

Troch de leksikalisearring fan *wa wit hoe* feroaren ek de eigenskippen fan dy kloft. Sa'k sei hat yn bygelyks *wa wit hoe fier* allinnich *fier* noch leksikale betsjutting. De oare trije wurdjes net, men soe sizze kinne dat se eins inkeld klank, syllabe, wurden binne, dat se waarden fetber foar prosessen as reduksje ta schwa of sels folsleine deleesje. Soks barde fansels net by de beklamme syllaben. Lit ús ris in pear mooglikheden op in rychje sette (mei de primêre beklamme syllaben yn kaptal):


- a. alles bliuwt sa't it wie: wa WIT hoe FIER
- b. deleesje fan *hoe*: wa WIT FIER
- c. deleesje fan *wa*: WIT hoe FIER

By mooglikheid (b) stjitte twa beklamme syllaben opinoarren ('stress-clash') en soks hat fansels net de foarkar. Mooglikheid (a) is dêrneffens better, mar dy hat as neidiel dat er gjin ideale ritmyske hingelmatte útmakket: foar de syllabe mei it haadaksint stiet ommers noch in swakkenien. It hingelmatteprinsipe, troch Van Zonneveld (1983,98) opsteld foar it Nederlânsk, en op myn gesach oant neier oarder ek jildich ferklearre foar it Frysk, hâldt yn dat de aksinttoppen oan begjin en ein fan in wurd pleatst wurde moatte. Mooglikheid (c) soe dêr dan al in korrekt foarbyld fan wêze. Boppedat wie it sa't we sjoen ha foar *wa* yn soartgelikense konteksten ek net ûngebrûklik om fuort te fallen. Mooglik dat haplology dêr in spuontsje mei ûnder stutsen hat: fan 'e twa hast idintike lûdkloften *wa* en *wi* soe dan de earste skrast wurden wêze.

Tusken twa beklamme syllaben koe de fokaal fan *hoe* fansels maklik redu-

searje ta schwa. En omdat in *h* yn it Frysk no ienris net foar in schwa stean kin, ferdwûn dy ek nochris. In wat oare ûntjouwing soe ek noch yn te tinken wêze. Men mei oannimme dat troch de leksikalisearring de wurdgrinzen ferswakke wiene. Gefolch wie dat de wurdlidgrins foar de *t* kaam te lizzen (*wi\$thoe\$fier*) en dat de *h* dus net mear oan it begjin fan in syllabe kaam te stean. Omdat er yn it Frysk needsaaklik dy posysje wol ynnimme moat, moast er dus wol weifalle.¹⁶ Ik wit net oft er werklik foarkomt mar dizze rûte soe dus ek in foarm [wItufi.ər] ferantwurdzje kinne.

Gearfetsjend tinkt my de ûntjouwing dus sa west te hawwen:



It leit yn 'e reden dat leksikalisearring net allinnich foar it fonetysk profyl gefolgen (hân) ha sil. Krekt dy apartichheden dy't fuortkamen út it sinachtige karakter fan *wa wit hoe fier* sille ûnder druk komme te stean. Ien dêrfan binne we al tsjinkaam, it net-attributyf foarkomme kinnen fan de *witte*-ôfliedings. Yn 'e foarrige paragraaf ha we sjoen dat de oardielen fan hjoeddeiske taalbrûkers op dat punt nochal útinoar rinne, fan it fersmiten fan attributyf gebrûk oant it folslein akseptearjen derfan. Men sil oannimme moatte dat by de lêsten de *witte*-ôfliedings gewoane adjektiven wurden binne, dy't krekt as oare adjektiven like maklik yn predikative as yn attributive posysje stean kinne.

It ta in wurd wurden fan 'e *witte*-formaasjes kin ek sjen litten wurde oan it ynslûpen fan in adverbiale *-s* yn *wittefaaks*, dêr't it troch my brûkte korpus in pear foarbylden fan opsmyt. In selsstannige útrof **wa wit hoe faaks!* is fansels min yn te tinken.

Dêr't ek feroarings te ferwachtsjen binne, is de kategory fan 'e basiswur-

den. Dy is sa't we sjoen ha beheind troch it wurdasje *hoe*, mar at *hoe* syntaktysk gjin inkelde funksje mear hat, en sels yn 'e uterlike foarm folslein ferdwine kin, sille de beheinings dêrfan ek net sa sterk mear stean. De taalbrûker sil it elemint *witte-* opfetsje as in hegegraadoantsjutter dy't by analogy foar algemien gradearbere adjektiven set wurde kin. Ik haw it idee dat dizze feroaring minder fier hinne is as dy fan it attributyf brûken, mar okkerlêsten haw ik immen al de formaasje *witteferfelend* út 'e mûle heind.

Myn foarsizzing is dus dat it foarheaksel *witte-* op 'en doer in algemien, hege graad oantsjuttend prefiks wurde sil, sûnder fierdere spesifike beheinings. At teminsten de fitaliteit fan it Frysk sa'n proses noch talit.

Noaten

- * Hjir myn tank oan Jarich Hoekstra en Germen de Haan foar it becommentariearjen fan in eardere ferzje. It stik is der fan opknapt.
1. Foar dit artikel sil ik safolle mooglik gebrûk meitsje fan 'e data dy't dy wurdboekapparaten, neier beskreaun yn it earste diel fan it WFT (s. VIII-X), opsmite. Foar de goede oarder, dat hâldt net yn dat ik tsjin wêze soe op it sammeljen fan data troch yntrospeksje fan yntuysjes; at it sa útkomt sil ik dêr sels ek wol gebrûk fan meitsje, wol gebrûk fan meitsje moatte. It ferfelende fan in taaldatabank is dat jo der noait wis fan wêze kinne oft der allinnich mar grammatikale taalbousels yn sitte. Geane jo dêr foar it gemak mar even al fan út, dan binne jo der noch net wis fan oft *alle* grammatikale taalbousels der wol yn sitte. It ûntbrekken fan in bousel hoecht omers noch net te tsjuten op ûngrammatikalens mar kin ek in tafallichheid wêze. In taaldatabank hat mei oare wurden gjin beslisberens yn him, dat jo sille úteinliks altyd weromfalle moatte op 'e eigen yntuysje. Mar it gefaar dêrfan is fansels wer dat de ûndersiker himsels op 'e doele bringe kin en dat er op 't lêst spoeken sjocht. En it sykjen nei wurden mei in idintyk begjinstik yn in databank dy't alfabetysk op it wurd oardere is, jout nou ienris net al te grutte problemen. Dat sadwaande.
 2. It Biltsk hat *weethoe-*, en neffens ynformant Sybe Krol komt dêr ek de fariant *wete-* foar. Ter Laan (1952, 1049) jout foar it Westerkwartiersk *wait-hou-groot*, *wait-hou-laank* en it foarbyldsintsje *de belon gaat waithouhoog, waithouver!*
 3. Itselde ûnderskied dat Klooster makket wurdt ek troch oaren brûkt, al is de terminology wolris oars. Sa dielt Cruse (1976) Ingelske antonimepearen yn yn trije kloften. De adjektiven fan 'group 1' (*long:short, wide:narrow, heavy:light, deep:shallow, big:small, fast:slow*) 'have an evaluative neutral, objectively descriptive sense as one of their principal meanings, and in the majority of cases, the scaled property which underlied them can be measured in conventional units such as inches, grams, or miles per hour' (s. 284). De oare beide kloften hawwe respektiflik 'an evaluative feature as part of their meaning' (s. 285) en 'refer to subjective sensations, or emotional states' (s. 286). Rusiecki (1985,15) hat it oer 'numerical adjectives' ('those adjectives which represent numerically graded scales') en 'non-numerical adjectives'.
 4. It leit der minder pragmatysk hinne as dat ik hjir skine lit. Sa makket Bowers (1975,542-543) foar it Ingelsk oannimlik dat kwantors as *few*, *many* en *much* har hâlde en drage as adjektiven, bygelyks yn it feit dat se graadekspresjes talitte. Sjoch foar it adjektivyske karakter (komparaasje!) fan it Nederlânske bywurd *vaak* Van den Toorn (1976,211).
 5. Dat is in wichtige reden foar myn yn 'e foarige paragraaf neamde wantrouwen yn it yn Zan-tema (1984) opnommen *wittebliid*. Dat lemma sil basearre wêze op de neifolgjende oanhelling út Waling Dykstra syn *Blommekranske for da Fryske bernisjes* (Freantsjer 1851, s.6): 'As dat nou ris slagje woe/Wit ho bliid ik wêze scoe!' It sitaat is op himsels al fertocht omdat de 'normale' wurdfolge mei in *witte*-ôfflieding 'Wit ho bliid scoe ik wêze!' wêze moatte soe. Boppedat is der in ynterpretaasje mooglik sûnder fuortendaliks oan rymtwang te tinken. De

- 'folle' foarm soe yn dat gefal sokssawat wêze moatte as 'Wa wit, hoe bliid oft ik (dan) wêze soe'.
6. Yn in op 'e Fryske Akademy berêstend korpus Biltsk is al in fynplak mei *oud* te finen. Boppedat kaam myn hôfleverânsier Jarich Hoekstra oansetten mei in sitaat út *Siderius de grenaet* fan Abe Brouwer (s.161). Spitigernôch stiet dat net op 'e WFT-boarnelist, dat ik kin *witte-âld* net ûnder (1) opnimme. Korpuslinguistyk hat sa syn ferfelendichheden. Sa stiet de Fryske bibeloersetting fan 1943 bygelyks wol op dy list, mar it foarbyld *withoemannich* dêr-útwei, dêr't Willem Visser mei op 'e lappen kaam, koe hjir net mear yn 'e tekst ferwurke wurde. It wurd liket my oars folslein regelmjittich ta, en alle opmerkings dy't yn dit artikel oer *wittefolle* makke wurde, binne der op fan tapassing.
 7. Neffens it wurdboek fan it Amelânsk (Oud 1987) soe dêre noch al in foarm *wieweethoe* foar komme.
 8. Dêrfoar haw ik it materiaal foar it midfrysk wurdboek op it Frysk Ynstitút fan 'e R.U. Grins trochnoaske. Mei tank foar de gastfrijens en de bystân.
 9. De beheinings sille guon lêzers faaks as tige rigoreus oankomme. Sy moatte dan betinke dat yn bygelyks in taal as it Frânsk befreging fan in adjektyf sels folslein útsletten is (Milner 1978,277).
 10. Sin (37a) moat fansels sjoen wurde as in soarte fan rekonstruksje: better net te witten komt de folle foarm mei *wa* hjoeddedei net mear foar. De oare trije farianten libje lykwols (by my) noch as in hart.
 11. De fariant mei *dat* kin grammatikaal wêze, mar de sprekker is dan net ûnwis oer it thús wêzen mar oer wa't dêr noch mear mei op 'e hichte is.
 12. Sjoch foar in oar foarbyld ek Kempson (1975,173) dy't fan de útroep *Isn't she lovely!* opmerkt dat it fraachelemint en it negaasjelemint gjin ynfloed ha op 'e ynterpretaasje.
 13. Hielendal helder is de kwestje my net. In sin as *ik ha der wer 'k wit n't wa (witwa) sjoen* mei in betsjutting 'in hiel soad minsken' komt my alteast net hielendal nuveraardich oan. Dat wurdt stipe troch in oanhelling by Waling Dykstra dêr't Jarich Hoekstra mei oansetten kaam: 'Ik tochte dat der wit hwa wier, sa geweldich waard der kloppe' (*De Bijekoer* 1889, s. 2). Mear belisplakken fan dat *witwa* ha 'k lykwols net ta myn foldwaan.
 14. Der binne mear foarbylden dat in parenteze syn sinkarakter ferlieze kin en ferwurd(e)t. Nim bygelyks it wurd *tink* út in sin as *hy komt moarn tink wat earder* dat wol ûntstien wêze sil út *hy komt moarn, tink ik, wat earder*. In tuskenstap sûnder kommayntonaasje, *hy komt moarn tink ik wat earder*, is fansels ek hiel goed mooglik. In foarbyld út it Hollânsk is *kwets*, dêr't it WNT, VIII,1 fan seit: 'Reeds Oudemans (. . .) heeft de gissing geopperd dat het de woorden 'k wed des zijn; zij moeten dan door veelvuldig gebruik als tusschenzin (zooals men noch heden *wed ik* en 'k wed van bezigt) zijn samengetrokken tot eene partikel waarvan door sommigen de oorsprong niet meer werd begrepen en die dan op den klank af geschreven werd'.
 15. Ferlykje ek it adjektyf/adverbium *ûnwitten(d)*, mei it negaasje-lemint *ûn-* en omskriuwings yn 'e wurdboeken as 'buitengewoon, geweldig, ontzaglijk' ensfh. In wurd as *ûnbetinklik* moat ek deselde achtergrûn ha.
 16. Sjoch ek Hoekstra (1986,17) foar in lyksoartige analyze fan *bûthûs*.

Bibliografy

- Banfield, A. (1973): 'Narrative style and the grammar of direct and indirect speech', *Foundations of Language* 10, 1-39.
- Banfield, A. (1982): *Unspeakable sentences. Narration and representation in the language of fiction*. Boston ensfh.
- Bierwisch, Manfred (1967): 'Some semantic universals of German adjectivals', *Foundations of Language* 3, 1-36.
- Blom, Gosse (1981): *Hylper Wurdboek*. Ljouwert/Leeuwarden.
- Bolinger, Dwight (1972): *Degree Words*. The Hague/Paris.
- Booij, G.E. (1977): *Dutch Morphology. A study of word formation in generative grammar*. Lisse.

- Bowers, J.S. (1975): 'Adjectives and adverbs in English', *Foundations of Language* 13, 529-562.
- Brummel, G. (1978): 'Enkele opmerkingen over interjecties', yn A. van Berkel et al (eds.): *Proeven van neerlandistiek aangeboden aan prof dr. Albert Sassen*. Groningen.
- Cruse, D.A. (1976): 'Three classes of antonym in English', *Lingua* 38, 281-292.
- Culioli, A. (1974): 'A propos des énoncés exclamatifs', *Langue française* 21, 7-15.
- Elliott, D.E. (1974): 'Toward a grammar of exclamations', *Foundations of Language* 11, 231-246.
- Emonds, J.E. (1976): *A transformational approach to English syntax*. New York ensfh.
- Emonds, J.E. (1979): 'Appositive relatives have no properties', *Linguistic Inquiry* 10, 211-243. *Friesch Woordenboek* [1911].
- Gérard, J.B. (1980): *L'exclamation en français. La syntaxe des phrases et des expressions exclamatives*. Tübingen.
- Givón, Talmy (1970): 'Notes on the semantic structure of English adjectives'. *Language* 46, 816-837.
- Grimshaw, Jane (1977): *English Wh-constructions and the theory of grammar*. Diss. University of Massachusetts.
- Grimshaw, Jane (1979): 'Complement selection and the lexicon', *Linguistic Inquiry* 10, 279-326.
- Hoekstra, Jarich (1986): 'De Fryske nammen foar de Asio flammeus (Pontoppidan)', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 2, 12-20.
- Hof, J.J. (1933): *Friesche dialectgeographie*. 's-Gravenhage.
- Hudson, Richard A. (1975): 'The meaning of questions', *Language* 51, 1-31.
- Kempson, Ruth M. (1975): *Presupposition and the delimitation of semantics*. Cambridge.
- Kiparsky, Paul (1976): 'Oral poetry: some linguistic and typological considerations', yn Benjamin A. Stolz & Richard S. Shannon, III (eds.): *Oral literature and the formula*. Ann Arbor, 73-106.
- Kiparsky, P. & C. Kiparsky (1971): 'Fact', yn D.D. Steinberg & L.A. Jakobovits (eds.) (1971): *Semantics. An interdisciplinary reader in philosophy, linguistics and psychology*. Cambridge.
- Klein, E. (1980): 'A semantics for positive and comparative adjectives', *Linguistics and Philosophy* 4, 1-45.
- Klooster, W.G. (1971): *The structure underlying measure phrase sentences*. Diss. R.U. Utrecht.
- Klooster, W.G. (1976): 'Adjectieven, neutraliteit en comparatieven', yn G. Koefoed & A. Evers (eds.): *Lijnen van taali theoretisch onderzoek*. Groningen, 229-259.
- Klooster, W.G., H.J. Verkuyl & J.H.J. Luif (1970): *Inleiding tot de syntaxis*. Culemborg.
- Krijgsman, K.J. (1983): 'Wat-uitroepen en wh-verplaatsing', *GLOT* 5, 123-156.
- Laan, K. ter (1952): *Nieuw Groninger Woordenboek*². Groningen/Djakarta.
- Ljung, Magnus (1974): 'Some remarks on antonymy', *Language* 50, 74-88.
- McCawley, N. (1973): 'Boy! Is syntax easy!', yn C. Corum, T. Cedric Smith-Stark & A. Weiser (eds.): *Papers from the ninth regional meeting Chicago Linguistic Society*. Chicago, 369-377.
- Meibauer, Jörg (1986): *Rhetorische Fragen*. Tübingen.
- Milner, J.C. (1978): *De la syntaxe à l'interprétation*. Paris.
- Oud, A.G. (1987): *Woa'deboek fan ut Amelands*. Ljouwert / Leeuwarden.
- Roncador, M. von (1977): 'Zur Linguistik der intensivierenden Ausrufe', yn K. Sprengel, W-D Bald & H.W. Viethen (eds.): *Semantik und Pragmatik. Akten des 11. Linguistischen Kolloquiums Aachen 1976, Band 2*. Tübingen, 103-114.
- Rusiecki, J. (1985): *Adjectives and comparison. A semantic study*. London/New York.
- Sytstra O.H. & J.J. Hof (1925): *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Leeuwarden.
- Toorn, M.C. van den (1976): *Nederlandse grammatica*⁴. Groningen.
- WFT: *Wurdboek fan de Fryske taal/ Woordenboek der Friese taal*.
- WNT: *Woordenboek der Nederlandsche Taal*.
- Zaefferer, D. (1983): 'The semantics of non-declaratives: investigating German exclamatories', yn R. Bäuerle, Chr. Schwarze & A. von Stechow (eds.): *Meaning, use, and interpretation of language*. Berlin/New York, 466-490.
- Zonneveld, Ron van (1983): *Affix-grammatika*. Diss. R.U. Groningen.